

Fryske Genealogyske Kontaktdei 2024, 6 april 2024 yn Tresoar en HCL

Boterhoek 1 en Groeneweg 1

De Genealogyske Kontaktdei is it grutste Fryske evenemint op it gebiet fan famyljeskiednis.

Dit jier stiet de kontaktdei yn it teken fan **Ymmigraasje út Dútslân**. In protte Nederlanners ha foarâlden dy't fan oarsprong út Dútslân komme. Grinzen wiene eartiids iepener en benammen de grinstalen hâlden har net skerp oan de offisjele grinzen. Hiel faak wie earmoed de driuw om earne oars in bettere takomst te sykjen.



Ofbylding: *Lapkepoep sutelt syn hannel út (byld yn Wijde Burgstraat Snits, foto: Johan Steendam).*

De Fryske Genealogyske Kontaktdei is in dei fol kennisútwikseling. De minsken dy't dêr mei harren diske steane kinne jo in soad fertelle oer harren ynteresses yn famyljeskiednis, Frysk DNA, famyljewapens. Gensdatapro, ferienings en partikulieren steane der mei genealogyske ynformaasje. Ynljochtingen oer it Dútske **Webportaal Archion** mei mear as 160.000 tsjerkeboeken en dik 50 miljoen tsjerkeboeksiden wurde no online presintearre. Ek it CBG (Centrum voor Familiegesciedenis) is oanwêzich. It Historysk Reisbureau is iepene foar minsken mei genealogyske fragen.

Dêrnjonken binne der rûnliedingen troch de ûndergrûnske depots fan Tresoar en it Historisch Centrum Leeuwarden en organisearret it HCL in twatal stedskuiers.

- ❖ De kontaktdei is fan 10.00 oant 16.00 oere.
- ❖ 11.00 iepening troch de Kommissaris fan de Kening yn Fryslân drs A.A.M. Brok
- ❖ De diskes binne iepen fan 10.00 oere ôf.

Op it programma steane fierder in fjouwertal lêzingen:

- ❖ 11.25 oere (Gysbert Japicx Seal Tresoar) [Meindert Schroor](#)
selsstannich sosjaalgeograaf en histoarysk ûndersiker fertelt oer migranten dy't de grins tusken Noard-Nederlân en Noardwest-Dútslân oerstutsen en ferskate spoaren efterlieten yn argiven en musea. *(de lêzing is yn it Nederlânsk)*
- ❖ 12.35 oere (Eekhof Zaal HCL) [Menno de Lange](#)
versekeringsarts by it UWV en genealooch, die yn Dútske argiven ûndersyk nei de famylje De Lange. De sprekker sil tips jaan oer ûndersyk yn de argiven fan ús Easterbuorlju. *(de lêzing is yn it Nederlânsk)*
- ❖ 13.45 oere (Eekhof Zaal HCL) [Herman Oberman](#)
ict'er mei belangstelling foar famyljeskiednis, jout in lêzing oer de ôfkomst fan de âldste, ûnbekende Oberman(n). Hy festige him om 1758 hinne yn Ljouwert. De speurtocht nei syn komôf wie ien mei de nedige beheining. *(de lêzing is yn it Nederlânsk)*
- ❖ 14.55 oere (Gysbert Japicx Seal Tresoar) [Harold Müller-Baur](#)
kultuerwittenskipper en haad fan Archion. Hy sil it ha oer de mooglikheden fan genealogysk ûndersyk mei help fan it webportaal Archion. Mear as 160.000 tsjerkeboeken mei mear as 50 miljoen tsjerkeboeksiden binne dêr no online presintearre. *(de lêzing is yn it Dútsk)*

Op de thússide fan Tresoar is mear ynformaasje oer de lêzingen te finen:

www.tresoar.nl/bezoeken/agenda/friese-genealogische-contactdag-2024

- [Oanmelde foar de rûnliedingen troch de depots fan Tresoar](#) kin op de thússide fan Tresoar (sjoch adres hjir foar)
Start rûnliedingen: 11.25, 12.35, 13.45 en 14.55 oere
- [Oanmelde foar de rûnliedingen troch de depots fan HCL](https://www.eventbrite.nl/e/tickets-rondleiding-schatkamer-hcl-friese-genealogische-contactdag-765180344007?aff=oddtcreator) kin op de thússide fan HCL (<https://www.eventbrite.nl/e/tickets-rondleiding-schatkamer-hcl-friese-genealogische-contactdag-765180344007?aff=oddtcreator>)
Start rûnliedingen: 11.25, 12.35, 13.45 en 14.55 oere
- In oersjoch fan de disket (yn it Hollânsk: stands) is te finen op it Hollânske part fan de thússide fan Tresoar. De measten ha in skeakel nei de thússide fan de organisaasjes dy't de disket beheare.

Tagong op dizze dei is fergees.

Dizze kontaktdei wurdt organisearre troch it Genealogysk Wurkferbân fan de Fryske Akademy yn gearwurking mei de Afdeling Friesland van de NGV, de Stichting FAF en stipe troch it Historisch Centrum Leeuwarden en Tresoar.

Friese Genealogische Contactdag 2024, 6 april 2024 in Tresoar en HCL

Boterhoek 1 en Groeneweg 1

De Genealogische Contactdag is het grootste Friese evenement op het gebied van familiegeschiedenis. Dit jaar staat de contactdag in het teken van **Immigratie uit Duitsland**. Veel Nederlanders hebben voorouders die van oorsprong uit Duitsland komen. Grenzen waren vroeger opener en vooral de grenstalen hielden zich niet scherp aan de officiële grenzen. Heel vaak was armoede de drang om elders een betere toekomst te zoeken.



Afbeelding: *Lapkepoep vent zijn handel uit* (beeld in Wijde Burgstraat Sneek, foto: Johan Steendam).

De Friese Genealogische Contactdag is een dag vol kennisuitwisseling. De mensen die daar met hun kraampje staan kunnen u vertellen over hun interesses in familiegeschiedenis, Fries DNA, familiewapens. Gensdatapro, verenigingen en particulieren delen graag genealogische informatie met de bezoekers. Inlichtingen over het Duitse Webportaal Archion met meer dan 160.000 kerkboeken en ruim 50 miljoen kerkboekpagina's worden nu online gepresenteerd. Ook het CBG (Centrum voor Familiegeschiedenis) is aanwezig. Het Historisch Reisbureau is geopend voor mensen met genealogische vragen. Daarnaast zijn er rondleidingen door de ondergrondse depots van Tresoar en het Historisch Centrum Leeuwarden en organiseert het HCL een tweetal stadswandelingen.

- ❖ **De contactdag is van 10.00 tot 16.00 uur.**
- ❖ **11.00 Opening door de Commissaris van de Koning in Fryslân drs A.A.M. Brok**
- ❖ **De kraampjes zijn open vanaf 10.00 uur.**

Op it programma staan verder een viertal lezingen:

- ❖ 11.25 uur (*Gysbert Japicx Seal Tresoar*) [Meindert Schroor](#) zelfstandig sociaalgeograaf en historisch onderzoeker vertelt over migranten die de grens tussen Noord-Nederland en Noordwest-Duitsland overstaken en verschillende sporen achterlieten in archieven en musea. (*de lezing is in het Nederlands*)
- ❖ 12.35 uur (*Eekhof Zaal HCL*) [Menno de Lange](#) verzekeringsarts bij het UWV en genealoog, deed in Duitse archieven onderzoek naar de familie De Lange. De spreker zal tips geven over onderzoek in de archieven van onze Oosterburen. (*de lezing is in het Nederlands*)
- ❖ 13.45 uur (*Eekhof Zaal HCL*) [Herman Oberman](#) ict'er met belangstelling voor familiegeschiedenis, geeft een lezing over de afkomst van de oudste, onbekende Oberman(n). Hij vestigde zich rond 1758 in Leeuwarden. De speurtocht naar zijn afkomst was er een met de nodige beperkingen. (*de lezing is in het Nederlands*)
- ❖ 14.55 oere (*Gysbert Japicx Seal Tresoar*) [Harold Müller-Baur](#) Harold Müller-Baur cultuurwetenschapper en hoofd van Archion. Hij zal spreken over de mogelijkheden van genealogisch onderzoek met behulp van het webportaal Archion. Meer dan 160.000 kerkboeken met meer dan 50 miljoen kerkboekpagina's worden daar nu online gepresenteerd. (*de lezing is in het Duits*)

Op de homepage van Tresoar is meer informatie over de lezingen te vinden:
www.tresoar.nl/bezoeken/agenda/friese-genealogische-contactdag-2024.

- [Aanmelden voor de rondleidingen door de depots van Tresoar](#) kan op de homepage van Tresoar (zie adres hiervoor)
Start rondleidingen: 11.25, 12.35, 13.45 en 14.55 uur
- [Aanmelden voor de rondleidingen door de depots van HCL](#) kan op de homepage van HCL (<https://www.eventbrite.nl/e/tickets-rondleiding-schatkamer-hcl-friese-genealogische-contactdag-765180344007?aff=oddtcreator>)
<https://www.eventbrite.nl/e/tickets-rondleiding-schatkamer-hcl-friese-genealogische-contactdag-765180344007?aff=erellivmlt>
Start rondleidingen: 11.25, 12.35, 13.45 en 14.55 uur
- Een overzicht van de kraampjes is te vinden op het Hollands talige deel van de homepage van Tresoar. Het merendeel heeft een link naar de homepage van de organisaties die bij de kraampjes horen.

Toegang op deze dag is gratis.

Deze contactdag wordt georganiseerd door het Genealogisch Werkverband van de Fryske Akademy in samenwerking met de Afdeling Friesland van de NGV, de Stichting FAF en ondersteund door het Historisch Centrum Leeuwarden en Tresoar.